

De Treffer

klupblêd fan fuotbalferiening SDS

Jiergong 46 nûmer 3

maart 2016



Redaksje:

Tryntsje Bouma
Bauke Dijkstra
Metsje Huitema
Sjoerd van Beem
Willem Wijnia
Tjerk van der Pol

Adres:

Gabbemastraat 21, 8701EE Boalsert
Griene Leane 17, 8734 GP Easterein
Tywert 4, 8731 CL Wommels
M.O.H.strjitte 10, 8731 AG Wommels
De Homeie 27, 8731 EC Wommels
Geins 5, 8731 CR Wommels

tellefoan:

06-44057088
0515-333295
06-48713325
0515-331444

Ynternetredaksje:

Aant Hofstra: sds-nijs@home.nl
Willem Wijnia: info@vv-sds.nl

Bestjoer:

Willem Wijnia De Homeie 27, 8731 EC Wommels 0515-331444
Gida Heerma Pipegaal 11 8731 DB Wommels 0515-332227
Baukje de Jong v.Eysingaleane 22, 8734 GD Easterein 0515-852400
Robert Schilkamp Hofkamp 33, 8731 BT Wommels 0515-331816
Syb Overal Streek 30, 8734 GR Easterein 06-33030042
Tina Wiegers P. ten Bokumstrjitte 15, 8736 JG Reahus 0515-331365
Bauke de Boer A.Joustrastrjitte 10, 8734 GJ Easterein 0515-332555
Pieter Kamstra 't Kleaster 10, 8734 HB Easterein 06-17926118
Oetze Paauw Skippersbuorren 11 8734 GT Easterein 0515-332094

tellefoan:

funksje:

Foarsitter
Skriuwer
Ponghâlder
Foarsitter jongerein
Wedstrydsekretaris
Ledenadministraasje
PR en Reklame
Sen./Technyske saken
Skoallegeuze

Jongereinkommisje:

Robert Schildkamp
Willem Overal
Rinske Joustra
Lize Schuurmans

funksje:

Foarsitter
Algemiens lid
Algemiens lid
Algemiens lid

Technyske Kommisje Senioaren vv SDS

Foarsitter en fertsjintwurdiger haadbestjoer: Pieter Kamstra
Koördinator SDS 1 en 2: Fakant
Koördinator SDS 3 en 4: Ids Boersma
Koördinator sealfuotbal: Willem Wijnia
Koördinator Froulju: Fakant

Technyske Kommisje Jeugd vv SDS 2015-2016:

Fakant Foarsitter
Jan-Rinse Blanksma Skriuwer
Douwe Reitsma Coördinator A- en B-junioren
Ferry Korbach en Theo Postma Coördinatoren C-junioren
Akke-Rixt Zijsling Coördinator D-pupillen
Folkert-Rients Vellinga Coördinator E-pupillen
Hans van der Schaar Coördinator F-pupillen
Akke-Rixt Zysling Coördinator famkes

E-mailadressen:

Foarsitter@vv-sds.nl	=> Willem Wijnia
Ponghalder@vv-sds.nl	=> Baukje de Jong
PRcommissie@vv-sds.nl	=> Bauke de Boer
Wedstrydsekretaris@vv-sds.nl	=> Syb Overal
Ledenadministrasie@vv-sds.nl	=> Tina Wiegers
Sekretaris@vv-sds.nl	=> Gida Heerma
TC-foarsitter@vv-sds.nl	=> Pieter Kamstra
Foarsitter-jeugd@vv-sds.nl	=> Robert Schildkamp
Accommodatie@vv-sds.nl	=> Oetze Paauw

Sponsor- c.q. PR-kommissje

Bauke de Boer	Shirtsponsoring (PRcommissie@vv-sds.nl)
Hendrik Engbrenghof	Treffer en website
Ype Tiemersma	Reklamebuorden en Freonen fan SDS
Karin Sjaarda	Administrasje
Enne Bruinsma	Algemiën lid

Aktiviteitenkommissje: fakant

Wedstrydsekretariaat

Senioaren, A's en seal: Jappie Wijnia, de Jister 3A, 8731 EB Wommels. tel:0515-332245
Jeugd B, C en D's: Pieter de Boer, Foarbuorren 9, 8731 HD Easterein tel: 06- 10018187
Jeugd E, F en wedstrydplanning: Syb Overal, Streek 30, 8734 GR Easterein, tel: 06-33030042

Skiedsrjochterkoördinator:

Auke Eringa Email auke.saskia@hotmail.com Tel 0515 33 26 49

Akkomodaasje:

Sportpark "De Skoalleseize", 't Heechhiem 11, 8734 GS Easterein, tel. 0515-331700
(SDSkantine@gmail.com)

Fersoarging terrein:

Andries Stuver A.Joustrajitte 4, 8734 GJ Easterein

tellefoan:

0515-332872

Fersoarging materialen:

Klaas de Haan, Klaas Overal, Lolke Bouma en Willem Twijnstra

Konsul:

Pier Faber 't Heechhiem 3, 8734 GS Easterein 0515-331750

Bankrelaasje: NL60RABO0349501033 Rabobank Sneek –ZuidwestFriesland.

Ferienings nr KNVB: BB BG 32H

Korrespondinsje besoarging Treffer:

Easterein:	Hester Hiemstra, Skoallestrjitte 10, 8734 GM, Easterein	
	K. en H. Meijer, Wynserdyk 19, 8734 GE Easterein	0515-332278
Wommels:	Gelf Ykema, Klampe 4, 8734 GS, Wommels	06-12333448
	Fam. Boonstra, Hofkamp 14, 8731 BV Wommels	0515-331615
Itens/Hinnaard:	Sjouke Sjoukema, Hearedyk 55, 8735 HP Itens	06-25547253
Reahûs/Turns/Hidaard:	Fam. Gerbrandy, Sanleansterdyk 24, 8736 JB Reahûs	0515-332910
Spannum:	Fam. Eringa, S. Roordastrjitte 14, 8843 KN Spannum	0517-341532
Winsum:	Sybren Wassenaar, Hege Terp 13, 8831 XT Winsum	0517-341886
Kûbaard:	Auke Eringa, De Grits 14, 8732 EJ Kubaard	0515- 332649
Oare plakken:	Metsje Huitema, Tywert 4, 8731 CL Wommels	0515-333295

Kontribúsje(per 1/1/2015) :

Senioren fjildfoetbal:	€ 64,20	it healjier
Senioren sealfuotbal:	€ 46,25	it healjier
A- en B-junioren:	€ 51,-	it healjier
C-junioren:	€ 42,90	it healjier
D- en E-pupillen:	€ 34,95	it healjier
F-pupillen:	€ 30,35	it healjier

Foar de jongerein jildt fanôf it twadde bern 20% koarting

Tagong wedstriden earste âlvetal € 3,- Dêr sit dan in programmaboekje bij.

Foar leden, sponsers en freonen fan SDS is de tagong **fergees**.

In programmaboekje kostet foar foar leden, sponsers en freonen fan SDS **€1,-**.

Freonen fan SDS

Foar **€ 50,-** yn it jier wurde jo lid. Jo krije dêrfoar ús klupblêd, "de Treffer", fergees tastjoerd en jo hawwe by kompetysjewedstriden fan ús earste âlvetal frij tagong. Foar nijere ynljochtings kinne jo skilje mei Enne Jehannes Bruinsma (till. 0515-332013).

Stipers

Mear ynformaasje by Enne Bruinsma (0515-332013)

Oanmelding nije leden:

Aspirant **jongereinleden**, aspirant **senioren (fjildfoetbal)** en aspirant **sealfuotballers** kinne harren oanmelde/ôfmelde fia de webside **www.vv-sds.nl** fia "**oan-ôfmelde**".

Njonken in oanmeldingsformulier moat ek in kopy fan in offisjeel legitimaasjebewiis (mei pasfoto) ynlevere wurde.

By fragen kinne je kontakt opnimme mei Tina Wiegiers (till. 0515-331365).

Ôfmelde:

Under de kop oan-ôfmelde stiet ek de link foar as jim heelas ôfmelde moatte/wolle

Allinich op dizze wize kinne jim ôfmelden wurde (dus net fia in lieder enz.)

Hjirfoar binne twa data: foar 15 juny en 1 desimber.

By te let ôfmelde moat der noch foar in heal jier betelle wurdde, dit is omdat SDS dan ek ôfdrage moat oan de KNVB.

De lêste ynleverdei foar **kopij** foar it folgende nûmer is:

20 april 2016

Jo kinne de kopij ynleverje by ien fan 'e redaksjeleden.




Leafst oer de E-mail.

E-mail adres : **detreffer@vv-sds.nl**

Fan de redaksje

De sinne begiet wer fel te skinen, de fûgeltsjes bin entûsjast oan it fluitsjen en it is wat langer ljocht; dat is handich by it trainen. De maitiid stiet foar de doar! Op it momint fan skriuwen rinne A1 en VR1 beide noch oan kop yn 'e kompetysje. Wat soe dat moai wêze foar SDS, 2 kampioenskippen! Mar foardat dat bard, earst mar wat ûntspanning, oftewol: de Treffer lêze... Dit kear in petear mei nij lid Jelte Hitzert, bringe wy in fruitmandsje by Frans, fertelt Tjerk oer it spulriggerbewiis en is der wer in alderaardichste puzzel te meitsjen. Protte lêse- en puzzelwille tawinske! (TB)



Hoe liket it mei it keunstgers?	SDS-aksje by de DA-Fizel yn Wommels	Jan Nota sneon 14 maaie yn de kantine!
		
side 6	side 7	side 35

Ynhâld

Fan de redaksje/fan it bestjoer	3
Hoe liket it mei it keunstgers?	6
DA Fizel plaatsjes SDS	7
Hendrik Boersma fotoreportage Henk Bootsma	8
Pearskepuzel.....	10
SDS en GEKE	12
Efkes foarstelle: Jelle Hitzert	13
SDS League	15
Fruitmantsje: Frans Munsterman	16
SDS Kerst en zaalvoetbaltoernooien.....	19
Hite nûtsjes.....	20
Sponsor: Noflik Easterein.....	22
Kees'kollum.....	23
Hoe is it mei: Jesse de Vries.....	24
Dropaksje.....	26
De fjirde man.....	27
Persoonlik: Sietse Pieter de Boer.....	30
Aginda.....	36

Fan it bestjoer



Beste Minsken

Foarjier 2016... foar de jeugd wer in start fan de nije kompetysje en alle oaren gean wer fierder wer't yn desimber efkes in pauze ynlaat is. Troch sykte fan Frans Munsterman wurde syn taken bij it earste oernaam troch Robert. Fia dizze wei winskje we Frans fansels in soad betterskip ta! Anne hat it beslút naam om in punt te setten efter syn liederkip bij it earste, dit fine wij fansels tige spitich. As bestjoer ha we in tige soad woarding foar alles wat Anne dien hat foar it earste en SDS. De kommende moannen sille de lêste puntsje op de i set wurde foar't keunst fjild. Nei de kompetysje sil , nei jierren tarieding de skeppe de grûn yn! Dit wie de lêste winter dat we ut wike moasten foar it trainen. Myn hiele bestjoersperioade hat it keunst gers in punt fan ûnderwerp west... jûnen ha we op it gemeentehûs sitten en binne we mei inoar yn petear west hjiroer. Myn bestjoersperioade sit der eins al in skoftke op en aanst kin we ek it trajekt keunst gers ôfslute! Wêrom dan dochs it foarwurd fan mij as Sekretaris???

We ha noch hieltyd net ien ree fûn om myn funksje oer te nimmen. Sa as yn in soad bestjoeren is it ek bij SDS somtiden swier kealje om nije minsken foar de ferskate funksjes te finen. Ik ha in prachtige tiid hân bij SDS en miskien is dat ek wol wat foar dy! Nim dan kontakt op mei Willem Wijnia of mei mij. Us nûmers stean wol yn dizze treffer! Fan of juny 2016 moat ut bestjoer it oars sûnder sekretaris dwaan.

Mar foar't it safier is hoopje ik, mei jimme fansels, op noch in pear moaie sportive moannen op en rûn it prachtige fjild fan SDS

Groetnis
Gida Heerma
Sekretaris SDS

**Sjoch foar al it aktuele
SDS-nijs eltse dei op
www.vv-sds.nl!**

Hoe liket it mei.....it keunstgers!

Efter de skermen wurdt hurd wurke oan it oan te lizzen keunstgersfjild by SDS. Foarich seizoen binne der ferskeidene aksjes west om it fjild bynoar te krijen wat no mei ynsetten wurd foar de oanskaf fan it keunstgersfjild. It rint no nei april en wy kinne melde dat de gesprekken mei útfierder Antea Group op it ein rinne. De measte offertes binne definityf en yn april sille de handtekeningen setten wurde troch De Skoalleseize en Antea Group. Mei dat de kontrakt tekene wurde sil ek de definitive planning bekend makke wurde troch Antea. Sa 't it no stiet sil **tiisdei 17 maaie** de earste skeppe de grûn yn gean. Der is alfêst oerien kommen dat der ek ien en oar dien wurde sil oan selswurksumheid. Sa sille wy sels û.o. de omheining om it fjild weihelje lykas de bestrating. Dêrneist moatte de goals fan it fjild en de dug-outs wurde ôfbrutsen. Wy kinne jim help dêr seker by brûke. Je hoeft net in bult leard te hawwen om wat stienen te sjouwen, dus foar eltsenien is der wat te dwaan. Set dus mar fêst yn de aginda dat der nei it Pinksterwykein stienen sjouwd wurde moatte. Je meie je dêrfoar wol fêst opjaan fia info@vv-sds.nl of meld it efkes by Willem Wijnia.



De kontrakt binne dan noch wol net tekene, mar wy kinne wol fêst sizze dat it der allegear hiel goed útsjocht. De kontakten mei de Skoalleseize, de KF en de Antea Group binne prima en wy hawwe der alle fertrouwen yn dat der daliks in pracht fan in keunstgersmatte yn Easterein leit.

Hâld foar fierdere ynformaasje de SDS-webside goed yn de gaten, want sa gau 't wy mear witte dan lêze jim it dêr as earst.

Wy dogge it mei syn allen!!



SDS-platen by de DA-Fizel yn Wommels

Nei earder in SDS-plaatsjesaksje by de Jumbo en in aksje mei SDS-platen komt der no wer in aksje om te sparjen foar SDS-platen. Dat kin fanôf **begjin april** by de DA-Fizel yn Wommels.

Alle SDS'ers binne op de foto kommen en steane by harren team op in SDS-plaat. By besteding fan €10,- by de DA-Fizel krije je in stimpel en by 5 stimpels mei je in prachtige plaat útsykje fan je favorite SDS-team.



Hendrik Boersma

Hendrik Boersma hat in hiel ferline by SDS. Hy hat in soad foar SDS betsjutten. Sa hat hy û.o. jierren sekretaris west. Ferline jier hat der noch in útwreidich petear mei him hjir yn de Treffer stien. Eltse sneon kaam hy mei nammen by de jeugdwedstriden sjen. Mei Hendrik syn sûnens giet it de lêste tiden hurd minder en sjogge wy him op it heden net. Hy hat Henk Bootsma yn oktober frege as dy wat foto's fan him woe by syn grutte leafde SDS. It binne in pear krease plaatsjes wurden fan in markant persoan.






De foto's binne makke troch Henk Bootsma.



SDS-peaskepuzzel



Horizontaal

3. Hokker boubedriuw is sponsor fan it Twadde?
4. Yn dizze stêd fynt elk jier it OFK plak
6. It lêste wurd fan de ôfkoarting fan S.D.S
8. A1 en VR1 ha noch kâns om dit te wurden...
9. De teamnamme fan Jan Mulder yn 'e SDS League
10. Dit is Baukje de Jong by SDS
12. Hjir fuotballet SDS takom jier op.
13. Yn dit klassemint komme je as je in eigen doelpunt meitsje.
15. Wat smakket bêst út de frituur en komt by Murk wei?
17. Yn dizze moanne is Geeske Yntema jierdei

Ferticaal

1. De ôfkoarting fan de band fan al dy heiten dy't dochters en soannen bij SDS fuotbaljen hawwe.
2. De efternamme fan de man dy al in skoftke thús sit mei rêchklachten
5. As je in blessuere ha, gean je nei dizze sponsor fan SDS
6. It ferieningsgebouw nimme wy ek wol sa
7. Man dy 't krúsigt wurdt op Goeie Freed.
9. De efternamme fan 'e fêste omropper fan SDS
11. Peaskemoandei kin je hjir op 'e fyts hinne
14. Dizze muzikale man komt 14 maaie yn'e fuotbalkantine.
16. Man mei burd en lisfyts.

Hjir in prachtige SDS-peaskepuzzel!

De letters op de plakken mei in * foarmje mei syn allen in wurd. Mail dy nei

DeTreffers@vv-sds.nl of leverje it yn by ien fan de redaksje en meitsje kans op in **prachtige SDS-sjaal!**

Graach ynleverje foar sneon 23 april!

SDS en GEKE

Sa't jimme witte is der fanút doarpsbelang Hâld Faesje in enerzjy koöperaasje oprjochte: Griene Enerzjy Koöperaasje Easterien. GEKE

Wat wolle sy?

GEKE hat as doel it befoarderjen fan de leefberens en duorsumens yn Easterein.

Mar hoe wurket dat dan?

GEKE is 'wederverkoper' fan stroom en gas foar de NLD (www.noordelijklokaalduurzaam.nl). Dit is in enerzjyleveransier dy't oprjochte is troch alle koöperaasjes meiinoar út Fryslan, Grins en Drinte. NLD keapet stroom en gas regionaal yn en lit de opbringsten fia de koöperaasjes wer werom floeie nei de doarpen. GEKE kriget as wederverkoper € 75,- per oanslúting per jier. Mei dit jild kinne we projekten dwaan om in duorsum doarp te wurden, mar we kinne it ek breder ynsette troch ferienings finansjeel te helpen om sa de leefberens te befoarderjen.

Wat is it idee?

GEKE wol yn gearwurking mei de ferienings fan Easterein sjen om safolle mooglik leden te krijen. It idee is dat elke feriening syn leden freget mei stroom en gas oer te stappen nei GEKE/NLD. De fergoeding foar de feriening is € 37,50 per oanslúting en € 37,50 euro is foar GEKE dy't dit ynsette sil foar de duorsumens yn Easterein. Dus stappe der 10 leden oer dan krijt SDS € 375,- per jier.

Wy tinke mei GEKE dat dit in prachtige manier is om oan ekstra sinten te kommen foar SDS! SDS is fan doel om dit jild te reservearen foar b.f. in pannakoai of mei de tiid in nije toplaag foar it oan te lizzen keunstgersfjild.

Binne jo ynteressearre meldt je dan sa gau as mooglik oan by GEKE oan op de mail fia: info@geke-easterein.nl **En jou oan dat je SDS stypje wolle!**

Binne der fragen, as wolle jimme dat ien fan GEKE del komt om dit fierder ta te ljochtsjen, nim dan kontakt op mei ien fan de bestjoersleden fan GEKE:

Jan-Jetze Brouwer, Koafinne 14, Easterein(foarsitter) 06-41630995

Gerrit Bergsma, Hôfsleane 6, Easterein (ponghâlder) 06-22649636

Johannes Dijkstra, Hôfsleane 25, Easterein 9 (sekretaris) 06-53291193

Grietje Bouma-Jukema, Wynserdyk 53, Easterein (algemien lid) 06-23758603

Jehannes Santema, Hôfsleane 27, Easterein (algemien lid) 06-21669472

GEKE GRIENE ENERZJY
KOÖPERAASJE EASTEREIN

SDS League

De SDS League is 4 wiken dwaande en it is Aant Hofstra dy 't mei "In Efkes Baller" oan kop giet tegearre mei Klaas-Bouke Faber mei "FC Boekelaar". Wy kinne ús eins net heuge dat Aant earder boppe-oan stien hat yn de SDS-League en binne wol benijd nei syn ferhaal.



Opstelling "In Efkes Baller":

Zoet (PSV),
Botteghin (FEY), Reijnen (GRO), Van Eijden (NEC), Marcellis (PEC),
Klaassen (AJA), Van Hyfte (RJC), Ziyech(TWE),
Havenaar (ADO), Janssen(AZ) en Haller (UTR)

Hasto wolris earder boppe-oan stien?

Ik tink it net. Wolris in wykpriis wûn, ek wolris yn de einklassearing in priis hân mar sa as no dat moat it resultaat wêze fan net te folle nei fuotbalpraatprogramma's sjen en seker nei opportunistyske analitisi harkje.

Sjochsto ek op fan de prestaasjes fan dyn team?

Ik ha de basis fan it team fan foar de winter oanhouden en de resultaten waarden hieltyd better. In pear oanpassingen en ik moat sizze: ik wie hoapfol.

Hasto ek in spesjale taktyk foar it ynfullen fan dyn team?

Ik begjin altyd mei de foarhoede en dêr kies ik meast de spitsen fan subtoppers. Dêrnei kies ik meast de doelman fan in topper, omdat dy it meast de nul hâldt, De soad skoarjende middenfjilders yn dit gefal Klaassen en Ziyech meie net ûntbrekke en fierders moat je ek wat gelok ha. In van den Bergh van sc Hearrenfean moat je der fansels nea ynsette.

Do hast sawol net in spiler fan sc Cambuur as net ien fan sc Heerenveen.

Hoe kin dat sa?

Dat is it bewiis dat ik foar kwaliteit gean en mij net liede lit ta it nostalgyske fryske gefoel. Cambuur hat yn alles te bin kwaliteit en dat levert dus neat op.

Wa wolsto yn elts gefal ûnder dy hâlde yn dizze SDS League?

Ik doch seker net oan in bruorrenstriid tsjin broer Lolke, mar at ik boppe al dy teams einigje dy't ferwize nei in klup út Amsterdam dan bin ik dik tefreden.

Ik mis aardich wat Efkes Ballers yn de SDS-League. Hoe kin dat sa tinkst?

Dat wie mij noch net opfallen en dat is wol frjemd, want dy lju hawwe in ferstân fan fuotbal allegear dat is net te leauwen. Ik sil se der op oansprekke.

Noch mar in hiele protte súkses tawinske!

(WW)

In fruitmandsje bringe by Frans Munsterman

Sûnt ein jannewaris sit de trainer fan SDS 1, Frans Munsterman yn de lappenmand. Hy hat earder lêst hân fan in hernia en dêr like dit ek wol wat op. Wy sille efkes by him heare.



Wêr hast lêst fan?

Ik kan haast betjer zeggen waar niet van. Twee en half jaar geleden deel van de kuitspier afgescheurd en daar kreeg ik de laatste maanden steeds meer last van. Ik ging steeds schever lopen, waardoor mijn oude hernia ging opspelen en de meniscus blijkt ook beschadigd.

Afgelopen half jaar had ik er al behoorlijk last van en zou begin januari geopereerd worden aan de meniscus.

Maar er kwam een ontsteking van de slijmbeurs in de heup bij, waardoor de operatie is uitgesteld.

Veel lopen en staan was even geen optie meer. Dus ook het coachen en trainen van SDS-1 niet.

Hoe hast dat sa krigen?

De kuitspier is afgescheurd met een volleybaltoernooi. De problemen met de meniscus komen door het vele sporten. Vooral tussen mijn 20^e en 35^e flink roofofbouw op mijn lichaam gepleegd door gemiddeld drie uren per dag te sporten, elke dag weer.

Fernaamdest lyk dat it mis wie?

Met het kuit dacht ik aan een gewone zweeps slag. Dus een paar weken rust nemen en weer gaan met die banaan. Helaas was er meer aan de hand, maar dat kwam dus pas een jaar later aan het licht en toen was er niks meer aan te doen, behalve trainen van de andere spieren eromheen.

De problemen met de meniscus verbazen me niet door het vele sporten, maar had daar tot voor kort nooit veel last van.

De pijn in het onderbeen en heup leken veel op uitstraling zoals ik die ook had bij een eerdere hernia. Maar waarschijnlijk valt het mee en blijft het bij een slijmbeursontsteking. Voor de zekerheid is er nog wel een MRI gemaakt.

10 maart bist ek noch holpen oan de meniskus. Seach dat der allegear wat goed út?

Voor mijn leeftijd zag het er nog goed uit. Helemaal gezien het vele sporten. Er zaten ruwe vlakken op, die ze weer glad gemaakt hebben.

Daarnaast zijn er loshangende rafels verwijderd.

Nu hopen dat het heeft geholpen om weer normaal te kunnen lopen en nog mooier ook weer te kunnen sporten.

Giest ek nei de fysio of sa of hat dat gjin doel?

Ja ik heb hulp van de fysio en moet nu weer veel oefeningen doen om alle spieren weer sterk te krijgen. De kuitspier krijg ik niet meer terug, dus de rest moet extra getraind worden om het op te vangen.

Wat mist it meast no asto net foar de groep stean kinst?

Niet de trainingen afgelopen weken in de blubber. Maar daar werd niemand vrolijk van en is gelukkig volgend jaar bij SDS verleden tijd.

Maar vooral de beleving die het voetbalspelletje met zich meebrengt.

En dan m.n. op de wedstrijddagen. De spanning en interactie met spelers en supporters. Soms met irritatie en frustratie en op het scherpst van de snee, maar nadien altijd weer relativerend en met gevoel voor humor.

Kinne wy dy dit seizoen noch foar de groep ferwachtsje?

Het liefst stond ik gisteren alweer voor de groep. Ondanks het slechte begin van het seizoen en niet een gemakkelijk te coachen ploeg, waren we voor de winterstop wel alweer op de goede weg waarin we de laatste vier wedstrijden niet meer hadden verloren. Je wilt het ondanks het aflopende contract dan ook goed afmaken en afsluiten.

Maar voor april ben ik fysiek nog niet in staat om alle taken weer op mij te nemen. We lopen dan alweer richting einde van het seizoen en is het niet reëel om voor een paar weken nog weer voor de groep te gaan staan en Robert aan de kant te schuiven. Helemaal omdat er in Robert een goede vervanger is gevonden, waarin de groep vertrouwen heeft en graag het seizoen af wil maken.

Wat dochsto no sa'n sneon?

Tot voor kort kon ik alleen een beetje op de bank hangen en tv kijken of lezen. Maar wordt nu weer mobieler en met het mooie weer op komst zal ik waarschijnlijk weer snel lang het veld te zien zijn.

Al heb ik nu ook weer tijd om andere leuke dingen te doen.

Dus misschien moet ik daar maar eens tijd voor gaan maken.

Naar de Ikea of zoiets.



Wy hoopje dy ynkoarten wer gau yn Easterein te sjen!

Ik zal waarschijnlijk niet alle zaterdagen bij SDS te zien zijn, maar zal zeker nog een aantal wedstrijden bezoeken. Dan ga ik samen met Anne op een bankje zitten als het duo Waldorf en Stadler en de wedstrijd van nodig commentaar voorzien.

Helaas is het seizoen met veel horten en stoten gegaan. Met veel meningsverschillen, strubbelingen en frustraties. Gelukkig mag Zwarte Pieten niet meer. Dus hoop ik op een betere tweede seizoenshelft, zodat er nog wat valt te vieren aan het einde van het seizoen en we op een positieve manier afscheid van elkaar kunnen nemen.

Betterskip!

(WW)





S. HEERINGA
Walperterwei 10 8731 CC WOMMELS

*Onderhouds-
Reparatie-
en
Scheeps-
betimmeringsbedrijf*

Tel. 0515 - 332267

TOP 1 TOYS
nummer één in speelgoed

Voor al uw:

- > Luxe en huishoudelijke artikelen
- > Speelgoed
- > Boeken en tijdschriften
- > Kantoor- en schoolbenodigdheden

Fa. van der Velde
Wommels
0515-331201

SDS Kerst en Nieuwjaars zaalvoetbaltoernooien

Ook dit jaar zijn er in de winter weer zaalvoetbaltoernooien gehouden voor alle categorieën van de jeugd. Bij de meisjes hadden we een gezamenlijk toernooi met de MD1 en de MC1 waarbij iedereen een vriendin kon uitnodigen. Alle toernooien stonden onder leiding van zaalvoetbalveteraan Willem Overal. De meeste toernooien werden in de laatste wedstrijd beslist. En een enkele keer moesten penalty's de beslissing brengen. Bij de F-jes won Ajax met Piet Bouma, Philip Euper, Daniel Veenstra en Jorrit Stap. Bij de E'tjes won Feijenoord met pieter van der valk, Redmer Stegenga, Niels van Lelyveld, Jesmer Zonnenberg en Tom Koopman. Het toernooi van de D's werd gewonnen door Heerenveen met Arjen Stremmer, Gerbrand Kramer, Jente Schraa, Sybren de Vries, Pieter Wijnia en Jasper Abma. De B's en de C's hadden een gezamenlijk toernooi. De winnaars waren Nykele Okkema, Steven Vellinga, Steven van der Pol, Jeffrey van der Werf en Eljer Wiersma. Bij de meisjes werden de dames van Ajax de winnaar. Anna Herder, Sietske Rommy Nijdam, Nynke van der Eems, Marit Albada en Siegrid van der Meer. Het waren weer geslaagde toernooien met spannende wedstrijden en leuk voetbal. We hopen dat iedereen genoten heeft.

De jeugdcommissie.



Alle meisjes van MC1 en MD1 met introducees.



Winners by de B/C's!



Winners by de D's!



Alle F-pupillen dy 't meidiennen oan it SDS-sealtoernoai!

KONING

INSTALLATIETECHNIEK

CV - WATER - GAS - ELEKTRA - SANITAIR

HINDRIK KONING
HEAREDYK 2
8735 HR ITENS
06 30858815

INFO@KONINGINSTALLATIE.NL

Hite nûtsjes

Soe SDS 1 it dan dochts noch oprêde om yn de 3^e-Klasse te bliuwen?

SDS is it oan har stân ferplicht om yn elts gefal yn dizze klasse te bliuwen. De noazen lykje op dit stuit sa no en dan deselde kant op te stean. En ‘als je wint, heb je vrienden’.



Mark Postma hat sawol by A1 as by de froulju fan Vr.1 in “We Are One”-sesje dien. Is dit ek wat foar sc Heerenveen? Sawol A1 as Vr.1 lizze namelijk op kampioenskoers.

By SC Hearrenfean giet it fansels net om hite nutsjes, mar om keihurde euro's. Dat is al even in ferskil. Mar it kin fêst gjin kwea om oan al dy ‘BV’s’ nochris ut te lizzen wat as de foardielen binne om it mei syn allen te dwaan.....

Alderaardichst dat Jan Nota op sneon 14 maaie efkes spyljen komt yn de kantine. Dit is nei de lêste wedstryd fan it seizoen foar SDS 1 tsjin Oudehaske 1. Jan komt it SDS-klupliet ek wer sjongen. Kinste eins de tekst fan it klupliet fan SDS noch út de holle?

“Ik sjong it klupliet eltse jûn foar’t ik op bêd gean”

Ik sjong it klupliet eltse jûn foar’t ik op bêd gean.

Do net dan?

Ik krij geregeld te hearen dat ik it nachts yn myn sliep sjong.

It is trouens net te hoopjen dat SDS yn dy wedstryd degradeard. Dan fielt it lykas NAC dy ‘t dit seizoen de Perioade pakke koe op de dei dat it “Avondje NAC” 40 jier bestie en fiere soenen mei in grut feest. Spitich genôch ferlearen se en waard it in feest wêrby ‘t de hite nûtsjes yn de pûde bleaunen.....

Hasto ek noch in idee om op in spesjale manier ôfskie te nimmen fan it haadfjild?

It fjild yndiele yn lytse fjildsjes.

Dan kinne dêr ferskate aktiviteiten op dien wurde, sa as; bukskowe, fleskesfuotbal, fuotfolley, keatse, schijt je rijk, springkessen, live muzyk ensafuorthinne, samar in pear ideeën dy’t by my op komme. En dan as grutte finale mei us allen de skeppe der yn en in stikje mei nei hus. We kinne yn elts gefal de middenstip bewarje en sa ferpakke dat er net fergiet en tentoanstelle yn de kantine.

Út betroubere bronnen haw ik fernaam dat der efter de skermen wurke wurdt oan in nije SDS-side. Dat wurdt ek wol tiid fynst net?

Ik begryp foaral dat it foar dyjingen dy't de side byhâlde hyltiid minder aardich wurdt om der mei te wurkjen, mar persoanlik ha ik genôch oan wat der op stiet yn stee fan it úterlik.

Soe SDS ek gearwurkjen gean mei it COA as der in opfanglokaasje yn Wommels iepene wurdt?

As it allegear trochgiet dan kinne wy dêr seker ris oer neitinke. As sy dan earst by de fytsesaak fan Johan de Jong fytsen liene dan kinne sy moai mei syn allen op it fytske nei Easterein.

Der komt ek wer in SDS-fotoboekaksje! Dit kear te krijen by de DA-Fizel yn Wommels. Dy hasto sa byinoar sparre of net?

Dêr moast op rekkenje! By in besteding fan €10,- krijst al in stimpel. Foar 5 stimpels hast in SDS-plaat. Ik helje lyk in kadobon foar €50,- foar memmedei! Twa miggen yn ien klap!

Komt it noch goed mei Cambuur?

De Graafschap moat de lêste wedstryd fan it seizoen thús tsjin Ajax, Cambuur thús tsjin Excelsior en PSV út nei PEC-Zwolle. Dy dei wurdt Ajax kampioen en bliuwt Cambuur yn de Eredivisie. Mocht sc Cambuur dan dochs degradeare dan sjogge wy harren de kommende jierren ek net werom yn de Eredivisie, want it kontrakt fan mar leafst 18 spilers rint ôf..... Mooglik kloppe sy dan by SDS oan om spilers.....

“Mooglik kloppe sy dan by SDS oan om spilers”

Fynsto it ek sa sneu foar Maria Sjarapova?

Dy earme skat. De kraan mei jild ticht... Foarlopich mei se allinnich noch mar neist de baan sa oegryselik kreune....Wat in ûnsin dat je dêr better fan tennisjen gean.

Wurdt Vincent Janssen de nije superspits fan Nederlân? De nije Van Nistelrooij?

Dat kin, mar dat kin ek net. Hy is yn elts gefal goed dwaande. No sjen as er dat folhâlde kin en dat er by in efentuele nije klup ek sa goed brûkt en betsjinne wurdt as by AZ.Ús Kees' kolumnist en AZ-kinner by útstek hat der fêst in fundearde miening oer yn dizze Treffer. Ik tink dat ik dy sa mar efkes lêzen gean mei in pûde hite nûtsjes op de bank! Ik bin benijd wat hy der fan fynt!

It ljocht op in sponser... 'Noflik Easterein'!

Yn dizze rubryk hawwe wy dit kear oandacht foar 'Noflik Easterein'. Sy bin koartlyn boerdspartner wurden fan SDS. Tiid foar in lyts pertear mei Hindrik en Kim, de eigners fan Noflik Easterein.



Foar wa jim noch net kinne, stel jim ris foar oan 'e lêzers fan 'e Treffer..

Wy bin Hindrik de Jong en Kim Mulder, wenje no hast 2 jier yn Easterein. Hjir foar wennen wy yn Âldeboarn, wêr wy in horekasaak hân ha.

Horecaûndernimmers dus, hoe bin jim dernei yn Easterein bedarre?

Wy hienen in saak yn Snits wêr de foarige eigners, Ap en Yvon, regelmjittich kamen. Wy kamen yn petear en sadwaande binne wy yn Noflik mei groeit. Hindrik hat earst Noflik yn Langwar draaiende hoden, mar dernei kamen Ap en Yvon mei it plan om yn Langwar te wenjen en te wurkjen en ha se ús frege it bedriuw yn Easterein oer te nimmen. Sadwaande bedarren wy yn Easterein en hjir wenje wy sûnt maaie 2014 tige nei it sin.

Wat treffe wy as wy Noflik yn gean?

Noflik Easterein beskikt oer in âld, mar prachtich kafeegegedielte. Wy ha in sfearfol a la carte restaurant en efter hy wy noch fjouwer sealen, geskikt foar feestjes, brulloften, fergaderingen ensfh. Sa no en dan ha wy in bandjûn op sneontejûn en else lêste snein fan 'e moanne ha wy Bluescruise yn 'e tûnseal, mei barkeepers (en redaksjeleden) Bauke en Tryntsje. Dus foar elts sit der wol wat by!



Wat ha jim mei fuotbal?

Hindrik fertelt: Kim hat nea mei fuotbal, sy hat altyd yn Akkrum folleyballe. Ik ha myn hiele libben al fuotballe. Yn Âldeboarn ha ik de lêste 6 jier dat ik dêr fuotballe yn it earste âlvetal keeper west. Ik ha sels noch in jier by ONS traint. Mar doe kaam it horekalibben... en heart sneons by it wykein. Troch it wurkjen yn 'e horeka koe ik it net mear kombinearje. Soe it graach nochris oppakke wolle, mar kwa tiid lukt my dat net. Lokkich kin ik somtiden de tredde helte meipakke mei SDS'ers Hendrik E., Sjoerd R. en Hendrik de J.

Kees'Kollum; Is it in fûgel?



In fleantúch? SUPERMAN?

Nee, it is Vincent Janssen! De “nieuwbakken” spits van Oranje.

Ofgeand op it kommentaar fan Studio Sport meie we Janssen hast op ien lijn sette mei Clark Kent, krekt boppe Spiderman en moat hy figurere yn Lord of the Rings IV.

Janssen is in tema yn eltse talkshow oer fuotbal. Nei eltse

“Hy skeat werkelijk út alle hoeken mar hie foaral de ballenjongens te pakken”

goal die hy makket begjinne de twifelaars mear te skowen yn hun stoel. *Wer* komme dyselde fragen: is hy toch goed genoch foar de top 3? Kin hy nei it bûtenlân? Hat Chelsea interesse?

Om der wat grip op te krijen gean we sokke spilers mar fergelykjen. Mar mei wa? Mei it rijtsje kluptopskoarders die't in stapke hegerop net rêden, sa as Alves, Finnbogason en Marcus Berg? Of past hy yn it rijtsje Huntelaar, Suarez, Kuijt?

Bij in goeie spiler fan Ajax, Feyenoord of PSV doare we nog wol in foarspelling te dwaan, mar dat leit oars by spilers út de subtop. We hawwe dan ek it leafst dat sa'n spiler fia Einhoven nei Milaan giet. Dat past yn ús skema.

No gie Janssen by AZ ek net as in torpedo fan start. Hy skeat werkelijk út alle hoeken mar hie foaral de ballenjongens te pakken. Stiekem kaam der ris in goalsje by. Pas flak nei de winterstop, thús tsjin Feyenoord, waard foar it publyk dúdelyk wat hy koe. Janssen wie Van Beek de baas en koe Kramer en Kuijt twa kear yn 'e rûnte. Wêrom hat Feyenoord him fuort dien?



Ek in moai tema; “spilers die it ergens oars wol goed dogge”.

Ik skatte Janssen yn as in krekt-net spits. In fûgeltsje dus, hegút sa 'n terror-meeuw die't yn Alkmaar de kaasmarkt ferstiert.

Mar Janssen hat in gouden ynstelling en in trainer dy't yn him leauwd. Hy is as in brommer die't net ophâld te rinnen en ûndertusken alle Amsterdamse Vespa's foarby sjeest. Earst laitsje je der om want siz no sels, brommers en brommeriders hawwe de skjyn tsjin. Mar al gau stean je op de banken as it skelle lûd op je ôfkomt. Hy mei Superman dan wol net wêze, Dirkie Kuijt hat in weardich opfolger derby.

(KA)

Hoe is it mei: Jesse de Vries

Hij heeft lang haar en fietst bij storm en ontij in de korte broek door Wommels. Ra ra wie is dat? Tot voor kort was deze vraag niet moeilijk, immers de huidige voorzitter van SDS was de enige die hiervoor in aanmerking kwam. Nu niet meer, want ook Jesse de Vries van de Geins voldoet aan dit signalement. Waarom, Jesse? 'Nou dat is heel makkelijk, want ik heb weinig tijd en hoef me dan niet zo vaak om te kleden!' Een voor de hand liggend antwoord als je drie keer in de week, na schooltijd, traint en elk vrij moment op het schoolplein ook nog eens je favoriete sport uitoefent. Maandags en donderdags trainen bij ONS Boso Sneek en elke woensdagmiddag bij Cambuur.

Jesse voetbalt sinds het seizoen 2014/2015 bij Cambuur en kreeg daar het advies om een niveau hoger dan SDS te zoeken, bijvoorbeeld bij ONS. Vanaf dit seizoen speelt Jesse dan ook in het oranje- blauw-wit van de topklasser uit Sneek. Het bevalt hem daar goed. Jesse: 'Ik sta in de verdediging. Ik vind winnen



van duels mooi, met af en toe een sliding!' Het maakt Jesse niet uit of zijn tegenstander een kop groter is. Hij is één van de weinige eerstejaars E-pupillen die in de hoofdklasse 4 speelt, meestal treft hij spelers die ouder zijn.

Zijn teamgenoot, tevens mede oud SDS'er Arjen Stremmer is hier een voorbeeld van. 'Het verschil met voetballen bij SDS is dat ik bij ONS veel meer kan leren. Ik voetbal ook het liefst op kunstgras, dit gaat wat sneller.' Nadeel van veel spelen op kunstgras is het snelle slijten van schoenen en zeker als je dan drie keer per week traint, zaterdag competitie hebt en tussendoor nog eens een oefenwedstrijd met Cambuur speelt, dan komt het aan op de beurs van heit en mem! Mem Ingrid beaamt dit: 'We hebben het er graag voor over, maar je moet er wel achterstaan, want je reist ook nog eens heel wat af.' Wat dat betreft heeft Jesse straks op school ook een voorsprong met Topo: In plaatsen waar klasgenoten nog nooit van gehoord hebben, heeft Jesse al eens gevoetbald. Bijvoorbeeld Emmen, Assen, Zuidhorn en Haren.

Op de vraag wat hij later wil worden past natuurlijk maar één antwoord: profvoetballer bij Cambuur! Als dat niet lukt dan zeker voetballen in de topklasse met ONS 1. Of de droom uitkomt moet blijken, eerste spannende moment is oktober van dit jaar tijdens het volgende selectiemoment bij Cambuur.

Eén ding is zeker: Jesse zal niet zo snel naast zijn schoenen lopen, tenzij ze weer eens kapot zijn natuurlijk, dus een gouden toekomst bij het voetbal zit er zeker in. Voor de efkes baljers van SDS ook een opsteker: Kunnen ze zeggen dat ze in de zomer van 2015 nog met de centrale verdediger van Cambuur gevoetbald hebben! Jesse, succes met je voetbalcarrière. We blijven je volgen en je blijft altijd welkom bij SDS. (TvdP)

GERBRANDY
HEIBEDRIJF

is Geheid Heien!!!

It Stalt 19
8731 EA Wommels
Telefoon (0515) 333337
Fax (0515) 333211
Mobiel 06 - 53234548



beoefen je
Sport
oanmoedig je

hjime i **bytanke**
by Titus

SDS-dropaksje



In week 14 (4 t/m 8 april) gaan we onze jaarlijkse dropactie houden! Deze actie wordt door en voor de jeugd gedaan om op deze manier toernooien, medailles, keepersdag, zaaltrainingen enz. te kunnen bekostigen

Net als voorgaande jaren gaan de D en C pupillen een avond/middag naar omliggende dorpen in de gemeente Littenseradiel, de desbetreffende leiders

krijgen hier binnenkort bericht van.

De E en F (inclusief minileaue) pupillen worden zoveel mogelijk ingedeeld in de straat/buurt waar ze wonen, daarvoor zal binnenkort de ouder/begeleider gebeld/gemaïld worden.

Alvast heel veel succes!!

JC-SDS

*VOOR AL UW SCHOONMAAK
WERKZAAMHEDEN, zoals:*

- **GLAZENWASSEN**
- **SCHOORSTEENVEGEN**
- **GOTEN LEEGHALEN en
SCHOONMAKEN**
- **ONDERHOUD en SCHOONMAKEN
van GEBOUWEN en NIEUWBOUW**



**M. Sijszeling's
Schoonmaakbedrijf
v.o.f.**

Oosterend - Wynserdyk 39

Telefoon 0515 332279

Technisch Installatiebedrijf FA. D. VAN WIEREN

Het adres voor aanleg

en onderhoud van:

Dakbedekkingen - Zinkwerk

Gas - Water

CV - Sanitair



Terp 29, 8731 AX Wommels

H. Baarda, Lollum, Tel. (0517) 469157

De fjirde man



Dit jaar komen er weer negen spelers bij die de regels van het edele voetbalspel goed kennen. U denkt: Gelukkig de

komende jaren zijn er fluiters genoeg bij SDS! Fout.

Het betreft hier negen spelers die het spelregelbewijs gehaald hebben of, op moment van schrijven, nog even moeten halen. De KNVB is vorig seizoen begonnen met het verplicht stellen van het halen van dit bewijs om zo irritante en vaak tot niets leidende discussies in het veld over de regels te kunnen voorkomen. Elke tweedeaars B-junior krijgt een uitnodiging om dit bewijs te halen. Om de kans van slagen zo groot mogelijk te maken is de website Voetbalmasterz.nl gelanceerd. Ook spelers die het spelregelbewijs niet hoeven te halen kunnen op deze site de spelregels eens rustig nakijken. Natuurlijk geldt dit ook voor grensrechters. Op de site worden mooie voorbeelden gegeven van lastige spelsituaties. Tijdens het leren van de spelregels voor de toets begrijpen opeeens veel spelers dat een scheidsrechter en zijn assistent het eigenlijk helemaal niet zo makkelijk hebben. Er staan dingen in de spelregels die bijna nooit voorkomen, maar stel dat dit wel aan de orde is, moet je meteen reageren. Daarom scholen de meeste scheidsrechters zich ook regelmatig bij. Vooral de regels rondom direct en indirecte vrije trappen worden over het algemeen als lastig ervaren.

Weet u het?

- 1) Welke spelhervatting volgt nadat de scheids fluit vanwege het spuwen naar elkaar door twee teamgenoten? Voor wie en op welke plek is de spelhervatting?
- 2) Keeper pakt ingooi van medespeler in zijn handen. Welke spelhervatting volgt?
- 3) Verdediger gooit met scheenbeschermer naar (en tegen) de bal in zijn eigen strafschoopgebied. Welke spelhervatting volgt na fluitsignaal?
- 4) Coach scheldt grensrechter uit, waarna scheidsrechter het spel stillegt. Welke spelhervatting volgt?

Kijk voor de antwoorden eens op voetbalmasterz.nl of vraag het komende zaterdag aan de scheidsrechter van dienst!

TvdP

SDS-Klean



Wolle je ek yn SDS-klean rinne of in moaie SDS-tas of sa bestel dit dan op ús webside www.vv-sds.nl en druk op:



Dit is der allegear te krijen:

SDS-tas: €33,-

SDS-rugzak: €31,-

SDS-trainingspak: €42,-

SDS-trainingsbroek: €25,-

SDS-trainingsbroek kort: €18,50

SDS-sweater: €25,-

SDS-midjack: €47,50

SDS-trainingsshirt dry-fit: €21,50

SDS-polo: €21,-

SDS-hooded sweater €32,-

SDS-hooded damesvest €32,-

Op fersyk fan SDS leden kin der no ek losse trainingsbroeken besteld wurde.

Binne jim fan plan noch SDS klean te keapen, skilje dan efkes nei:

Douwe Dirk Reitsma(332500), want SDS hat wat SDS-klean op foarrie.

Hjir kin efentueel ek past wurde.



SDS-sjaals

Der binne ek SDS-sjaals te krijen.

Sy koste €12,- en binne sneons te krijen yn de kantine en by

Douwe-Dirk Reitsma:

Tel: 332500

of mail nei

douweenjetreitsma@hetnet.nl




SDS-Look-a-likes(14)

Fine jim in SDS'er op in fuotballer, in bekende Nederlander, in Dútsjer, in blomkoal, Doutzen Kroes of oars ien of wat lykjen mail ús dan in foto. It leafst fansels ek efkes mei de foto op wa 't jim degene lykjen fine. Wy binne hiel benijd. Mail jim SDS-Look-a-like nei DeTreffers@vv-sds.nl!

Stefan Kok as Morten Thorsby fan sc Heerenveen.



Pieter Sytsma as Wayne Rooney:



Pieter Wesselius as Mario Götze:



Persoanlik

Wy stelle jim graach foar oan:

Sietse Pieter de Boer



Namme	Sietse Pieter de Boer
Berne	07-08-2003 yn Wommels
Yn Wommels, Easterein as....	Kûbaard
Skoalle	Marne College
By SDS sûnt	2015
Team	D2
Gjin fuotbal, dan...	Gamen
Favorite klup Nederlân	SC Heerenveen
Favorite klup bûtenlân	Real Madrid
Beste trainer	Zinédine Zidane
Beste fuotballer yn Nederlân	Klaas-Jan Huntelaar
Beste fuotballer yn it bûtenlân	Cristiano Ronaldo
Favorite fuotballer SDS	Fenna de Boer
Beste keeper	Iker Casillas
Favorite posysje	Linksvoor
Sterkste punt	Snelheid
Swakste punt	Bal hooghouden

<i>Moaiste stadion</i>	Estadio Santiago Bernabéu
<i>Idoal</i>	Ronaldo, Huntelaar, Modrić en Müller
<i>Hichtepunt</i>	Scoren
<i>Djiptepunt</i>	Verliezen
<i>Moaiste goal</i>	Kruising
<i>Skoudertriuw as tackel?</i>	Tackel
<i>Boas om</i>	Niet serieuze teamgenoten
<i>Flinters yn de búk fan</i>	Zeg ik liever niet
<i>Tillevysje</i>	South Park
<i>Muzyk</i>	DE VOSKOVS
<i>Lekkerste iten</i>	Pizza
<i>Minst lekkere iten</i>	Patat
<i>Drinken</i>	Cola
<i>Nintendo DS, Wii, Playstation 3, X-BOX of bûten boartsje</i>	X-BOX
<i>Favorite game</i>	Minecraft
<i>As ik skoar dan fier ik dat sa....</i>	Ronaldo manier
<i>Kampioen Earedivyzje 2015/2016</i>	PSV maar ik hoop SC Heerenveen
<i>Cambuur of SC Heerenveen?</i>	SC Heerenveen
<i>Moaiste sjurt</i>	Real Madrid en SC Heerenveen
<i>Lelijkste sjurt</i>	FC Barcelona en SC Cambuur
<i>Fuotbalskuon</i>	NIKE Mercurial
<i>Rjochts of lofts?</i>	Rjochts
<i>At ik letter grut bin dan....</i>	Miljonair
<i>Wolst fierders noch wat kwyt?</i>	Nee

Brouwers Schilders

Tel. 0515 - 333 672
Mobiel 06 - 51 40 40 69

WWW.BROUWERS-SCHILDERS.NL



**GENIET VAN BROOD
EN MEER....**

**PUUR
GENIETEN!**



**Posthuma
De Echte Bakker**

Wommels Bolsward
Sneek Scharnegoutum

Ut de âlde Treffer

Op it kampioensfeest fan 1992 hat Enno Bruinsma, dy't doe foarsitter wie spesjaal foar SDS 1 in liet songen. Wij hawwe der in pear fragminten úthelle.....

Want op it doel stiet Egbert
dy is net al te lang
mar dêrom foar de grutste spits net bang
Dan krije wy Douwe Schaafsma
Ek sa'n lytsen ien
mar dy hat it ek
fan't jier goed dien
Oan de oare kant Jan Wijer
Soms koart en gau op ein
dy sil straks trouwe, hat er yn fertrouwen sein
Peter Sybesma dat is de jongste fan it stel
dy makket mei syn foarset mannich keeper kje!
Sa ek Douwe Durk
dy hâld ek noch net op
hy wol net út it earste
dus stekke dy kop
Tjeerd Dijkstra hat sein
ik kom hjir hjoed net wei
en dêrom nimt Mattie
it bed strakt foar him mei



No kry wy ús flaggenist
de tolfde man
dy heart ek noch by
dit edele span
Daan, keurig en krekt
diesto it dit seizoen
en mei dyn help
ha wy it wûn
do wiest net al te earlik
net al te gemien
do hast allinne mar
dy plicht foar ús dien

Wa makken de doelpunten?

Totaal binne der 209 doelpunten makken troch de senioren en VR1 yn dit seizoen. Dy binne makke troch 57 ferskillende spilers/spylsters. De boppeste helte fan de list stiet yn dizze list en yn dizze Treffer. De oare doelpuntenmakers skoarden ien of twa kear en binne te finen op de wepside.

	1	2	3	4	VR1	VR2	
Tjitske Heeres					25	4	29
Jeska Terpstra					13	4	17
Robert Sijbesma			16				16
Ruun Ogoni				7			7
Tjeerd de Vries		7					7
Harm Auke Dijkstra			6				6
Agnes Posthumus					6		6
Eeltje Postma				6			6
Pieter Kamstra		6					6
Dirk Yde Sjaarda	5						5
Henk Postma			5				5
Wichard Deinum			5				5
Willem Wijnia		5					5
Hester Kingma					5		5
Wietse Fopma		3	1				4
Jelmer Posthumus	4						4
Gerry Edou Mollema					4		4
Sieta Tessemaker					4		4
Rick Hendriks				4			4
Doede Sijszeling				3			3
Erik Haitzma	3						3
Jan Simon Jelsma			3				3
Arjan Hallema				3			3
Teun Heeres	3						3
Feite de Haan		3					3
Ilse Walstra					3		3
Amarins Tjalsma					3		3

Aant

Vacatures!



Per juni 2016 is het bestuur van vv-SDS op zoek naar een **secretaris**.

Als secretaris maak je deel uit van het hoofdbestuur en draai je mee in het schema bestuurslid van dienst. De belangrijkste taak van de secretaris is het notuleren van de vergaderingen en het organiseren van de ledenvergadering. Ook de Grote Club actie valt onder de takenpakket van de secretaris.

Verder zoeken we een enthousiaste **jeugdvoorzitter** per november 2016. De jeugdvoorzitter maakt deel uit van de jeugdcommissie en heeft zitting in het hoofdbestuur.

Ben je geschikt of mocht je iemand weten die je geschikt lijkt voor één van deze functies dan horen wij het graag.

Voor meer informatie over deze leuke taken bij deze mooie club dan kun je contact opnemen met:

Secretaris: Gida Heerma 0515-332227

Voorzitter: Willem Wijnia 0515-331444

Jeugdvoorzitter: Robert Schildkamp 0515-331816

Sneon 14 maaie Jan Nota yn de kantine

Nei ôfrin fan de lêste kompetysjewedstryd fan SDS 1 dit seizoen sil troubadour Jan Nota optrede yn de kantine. Dit is op sneon 14 maaie nei de wedstryd SDS 1 - Oudehaske 1.



Troubadour Jan Nota kinne wy fansels allegear fan eardere optredens. Sa stie hy earder dit jier yn de Tsjerne en spile hy ek op it 65-jierrich jubileum fan SDS yn 2012. Doe liet hy ús û.o. foar it earst it SDS-klupliet heare. Op sneon 14 maaie sil dit dan ek seker te hearen wêze. Mar gau de tekst út de holle lere! Hy is te finen op de SDS-webside ûnder “*Histoarje*”.

Aginda

Wannear?	Wat ?
26-maart	Waterpoort Boys 1 – SDS 1
28-maart	Aaipop
2-april	SDS 1 – Delfstrahuizen 1
9-april	Berlikum 1 – SDS 1
10-april	Sc Heerenveen - AZ
12-april	SDS 2 – Lions 2
16-april	Beker/ynhel
20-april	Sc Heerenveen - Ajax
23-april	SDS 1 – sc Joure 1
27-april	Keningsdei
30-april	SDS 1 – QVC 1
1-maaie	Sc Heerenveen – FC Groningen
5-maaie	Himelfeart/Befrijdingsdei – Beker/ynhel
7-maaie	Oeverzwaluwen 1 - SDS 1
7-maaie	Sc Stiens A1 – SDS A1 (lêste kompetysjewedstryd)
14-maaie	Lêste kompetysjewedstryd: SDS 1 – Oudehaske 1 mei nei ôfrin muzyk fan Jan Nota!!
14-maaie	Rocknacht Easterein
16-maaie	Pinkstermoandei
17-maaie	It haadfjild oer de kop foar oanlis keunstgers
21-maaie	Neikompetysje
27-maaie	Slotmiddei-jûn D-, E-,F- en Minileague-jeugd fan SDS
28-maaie	Neikompetysje
28-maaie	Champions League-finale
4-juny	Slachtemarathon
5-juny	Fortarock
10-juny	Start EK-fuotbal: Frankrijk - Roemenië
10-12-juny	Pinkpop
16-18-juny	Wommelser Feesten
18-juny	Midsimmercup yn Dronryp
17-19-juny	Graspop
23-24-juny	Eastereiner Feesten

**Freed 27 maaie
slotmiddei-jûn
SDS-jeugd!**